

Folyteelt brekt net troch, nettsjinsteande bettere start

It telen fan mais ûnder foly liket te passen yn de trend nei in hegere opbringst de hektare. Yn de 80er jierren rûn it ûndersyk fêst, mar it die bliken dat de nije yntroduksje yn 2009 in stik mear sukses hie.

It grutte foardiel fan de teelt fan mais ûnder foly is it benuttsjen fan de kiemkrêft en jeugdgroei, omdat de temperatuer ûnder de foly heger oprint. It momint fan siedzjen kin dus earder pland wurde omdat de kreative boaiemtemperatuer net berikt hoecht te wêzen.

De maisrassen dy't yn oanmerking komme foar folyteelt binne rassen út de lette groep, dy't yn sommige gefallen net iens yn oanmerking komme soenen foar de reguliere teelt yn ús regio. Betide rassen liene harren net foar de folyteelt omdat dy selektearre binne op kjeld tolerânsje. Neffens Mark De Veirman (Pioneer) wurdt it potinsjeel fan in maisras ûnder foly folle better benut. 'De fluggere begjinûntwikkeling soarget der foar dat de plant it hiele groeiseizoen in foarsprong hat. Yn de praktyk ha wy sjoen dat de mais in moanne earder rispe wurde kin mei in hegere opbringst. As it potinsjeel benut wurde kin, dan is de opbringst 30 prosint heger yn fergeliking mei de reguliere teelt. Dat betsjut dat de grins fan 20 ton droege stof de hektare trochbrutsen wurdt'.

De Veirman pleitet der foar dat de lânbou it telen ûnder foly objektyf benaderje sil. 'Der hinget in mearpriis oan fan 250-300 euro de hektare, mar dat moat sjoen wurde as in ynvestearing; net as in kostenpost'.

Oare partijen binne minder entûsjast oer it telen fan mais ûnder foly. Jan Bakker beseft de foardielen wis wol, mar sjocht foaral praktyske neidielen. 'It plestyk brekt ôf ûnder ynfloed fan sinneljocht, mar dy ôfbraak kin ôffalle. Dan sjogge jo hjir en dêr noch plestyk nei de rispinge. Dêr moatte jo oer kinne.' In grutter beswier sjocht Bakker yn de opkomst fan ûnkrûd. Dat groeit ûnder foly like hurd.'

Alles by elkoar opteld stelt Bakker dat folyteelt miskien wol in hegere opbringst hat, mar dat dit inkeld foldwaande is om de mearkosten te beteljen. Utsein foar bygelyks gebieten as de Ardennen. Dêr soest troch de help fan folyteelt wol in rendabele maisteelt organisearje kinne.

Ek Mark de Beer is matich entûsjast oer folyteelt. 'De gedachtegong is goed. Do ferlingst it groeiseizoen en benutst dy optimaal. Mar de earder neamde neidielen ûnderskriu ik ek. Soms fynst plestyk nei jierren noch werom. De mearkosten wurde soms net betelle, dus kinst dy der better by dellizze dat sommige perselen har net liene foar maisteelt. Dêr kinst in hegere kwaliteitsopbringst realisearje mei profesjonele gersteelt.